



JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2020-2021

Gearstalling bestjoer:

Sipke Huismans, foarsitter	Kwartettekoor
Geart van der Heide, skriuwer,	Yntertsjerklike Kommisje Fryske Earetsjinst
Piet Miedema,	Administraasje, ponghâlder, webstee (demisjonêr)
Geart Bruinsma	Deputaatskip Fryske Earetsjinsten Frijmakke Tsjerken
Johannes Bakker	Kristlike Fryske Folks Bibleteek
Jan van der Mark	Ferbân fan Fryske Foargongers
Martha de Boer - van Slooten	Yntertsjerklike Fespertsjinsten Ljouwert
Tryntsje van der Veer	Nijkleaster (moat neffens karbrief noch troch de stipers goedkart wurde, mar draait alfêst wol mei yn it bestjoer)
Liuwe Westra	Nijsjager (taheakke oan it bestjoer)

-Yn 2020 sloech it Koroana Firus ta en kamen in soad saken yn Nederlân stil te lizzen. Ek de aktiviteiten fan Krúspunt. Fan de gearkomsten fan it bestjoer binne der nei it útbrekken fan it firus mar twa trochgien. Ek de Krúspuntdei dy't op sneon 18 april hâlden wurden soe is net trochgien.

-Wat wol trochgien is is de Bernard Smilde Priis. Noch krekt eardat de krisis útbriek is de fraach om foar 2020 in liet mei as tema *Befrijing* te skriuwen, de doar útgien. Der kamen trettjen ynstjoerings binnen. De sjuery besteande út Adri Terlouw, David de Jong en Syds Wiersma, hat de lieten hifke en hat it bestjoer fan Krúspunt it advys jûn om yn 2020 de Bernard Smilde Priis net út te rikken. De sjuery seit dat "Gjin fan de ynstjoerde teksten it nivo hellet dat fereaske wurdt om de nammedrager fan de priis yn eare te hâlden." De sjuery stelt wol foar om trije lieten te ûnderskieden mei in earfolle fermelding.

-De kursus Leauwe yn Fryslân is yn ferbân mei koroana trochgien mei seis dielnimmers.

-Ein 2020 hawwe Geart Bruinsma en Geart van der Heide trije lieten út de bondel *Lieten fan leauwe en langstme* opnaam yn de Frijmakke tsjerke fan Fryske Peallen. Dizze lieten wiene yn desimber te beharkjen op de site fan Krúspunt.

-Der is yn it bestjoer fan Krúspunt ek praat oer de útstjoerings fan tsjerketsjinsten fan Omrop Fryslân. It like der eefkes op dat Krúspunt dêr in rol yn spylje soe mar dat blykt net sa te wêzen. Der is in wurkgroep yn it libben roppen dy't der mei rêdt. In stiper fan Krúspunt, Alex Riemersma, sit yn dy wurkgroep.

-Yn it jierferslach fan 2019-2020 waard de hoop útsprutsen dat de Krúspuntdei miskien letter yn 't jier hâlden wurde soe. Mar dat bliek net mooglik te wêzen. En ek op dit stuit is it noch folslein ûndúdlik hoe't it komme sil. Wy moatte de moed der mar wat ynhâlde.

Surhústerfean, 21 jannewaris 2021

Geart van der Heide, skriuwer